

“In tige moai Sinteklaespresintsje foar ús lânsljue”

Oer de feroarings yn it koarte ferhaal om de Twadde Wrâldoarloch hinne

It koarte ferhaal yn de Fryske literatuer hat nea sa folle omtinken krigen as romans en poëzij. Dat is net om't der minder koarte ferhalen skreaun binne, de tiidskriften hawwe der altiten plak foar ynromme. Dochs wurdt de Fryske skriftekennisse dominearre troch de stúdzje fan romans en gedichten en is de Gysbert Japicxspriis noch nea oan in skriuwer takend foar in bondel mei koarte ferhalen.

It soe te krijen hawwe kinne mei de reputaasje dy't it koarte ferhaal hat. In fingeroefening, in skets, in “ik probeer mijn pen”. Hoewol't skriuwers as Geart Jonkman, Hylkje Goïnga en Jo Smit ferneamd binne om harren koarte ferhalen, wurde ferhalebondels yn de Fryske literatuer nea as masterwurk sjoen, wylst dizze titel by romans wolris wat te gau brûkt wurdt. Of soe it sa wêze kinne dat de kwantiteit fan de Fryske ferhalen grutter is as de kwaliteit?

It koarte ferhaal is oer de hiele wrâld in wichtich literêr sjenre. De keunst om yn in beheinde romte in ferhaal stal jaan te kinnen, fynt men by alle folken en yn alle kultueren. Yn de Fryske literatuer komt men dan al gau út by twa bondels dy't fan grutte wearde west hawwe foar it koarte ferhaal yn de Fryske taal: de *Fryske Sketsen* fan 1934 en *Sawn is in Galgefol* fan 1951. Beide boeken binne bondels fan ferhalen fan ferskillende skriuwers, mar dêr haldt de oerienkomst op.

Der binne genôch ferskillen dy't yn ien eachopslach te sjen binne: de sân Galgefol-ferhalen binne koarter en de oarloch is noch tichteby. Sa't doarpen en omjouwing yn de krisisjierren beskreaun wurde yn de *Fryske Sketsen*, sa komt dat by de sân Reiddompers net foar.

De Twadde Wrâldoarloch en de jierren dêrnei hawwe fan grutte ynfloed west op Fryslân en de Fryske literatuer. Binne dizze ûntjouwings werom te finen yn de *Fryske Sketsen* en *Sawn is in Galgefol*?

Johannes Beers

Ljouwert, 15 july 2012

De Fryske literatuer om de Twadde Wrâldoarloch hinne

Yn de jierren tusken de twa grutte wrâldoarloegen, binne yn de Fryske literatuer twa streamingen dominant. Yn it foarste plak de Jongfryske Mienskip, dy't fan 1915 ôf de liedende rol yn de Fryske Beweging oernommen hie fan it Selskip 1844. De grutte foaroanman fan de Jongfryske Mienskip, Douwe Kalma, woe mei it ynbrengen fan it persoanlike, de Fryske literatuer nei in heger plan bringe, nei it toaniel fan de wrâldliteratuer.

Dêr foar oer stiet de ûntjouwing dy't de folksskriuwerij yn dizze jierren makke hat ta de streekliteratuer fan bygelyks Reinder Brolsma en Ulbe van Houten. Yn dizze streaming is de eigen – yn dit gefal Fryske – wrâld en dan benammen it plattelân (dat foar de grutte stêd oer pleatst wurdt) mei de ieuwenâlde goede seden fan flijt, trou en ienfâld, de ynspiraasje.

De grutte revolúsje yn de Fryske literatuer dy't de Twadde Wrâldoarloch brocht hat, wurdt gearfette yn it stik 'De Bining Ferbrutsen' dat Fedde Schurer publisearre yn it nije tiidskrift *De Tsjerne* yn 1946. Net langer stie de literatuer yn tsjinst fan de Fryske Beweging, mar moast har eigen paad fine. Mei mooglik makke troch in temin oan ynskattingsfermogen fan tal foaroanmannen fan de Fryske Beweging yn de besettingstiid, koe Schurer, dy't sels warber west hie foar de Jongfryske Mienskip, hjirmei in nije perioade foar de Fryske literatuer markearje, foar in nij soarte fan proaza, dat yn de desennia dêrnei har hichtepunten hawwe soe mei it wurk fan Anne Wadman en Trinus Riemersma.

It koarte ferhaal liket yn de oarloch ek in feroaring trochmakke te hawwen. Yn 1934 - seis jier foar de oarloch – ferskynde *Fryske Sketsen*, in samling fan tolve koarte ferhalen fan skriuwers dy't yn de jierren, desennia dêrfoar namme makke hiene: Reinder Brolsma, Douwe Kalma, Fedde Schurer en oaren. Grutte nammen yn de Fryske literatuer.

Der waard noch praat fan 'sketsen', troch Riemersma omskreaun as "in besykjen yn in iepen foarm in yndruk te jaen fan in bipaelde situaesje"¹. Neffens Theun de Vries is de skets in soarte fan ympresje of oantekening, dy't net in grut en folslein byld bringt, al kin se bysûnder suver wêze en troch har skerpens fan sjen en de krektens fan har rêdde tekening, faak treffe². Beide omskriuwingen, mar benammen de definysje fan De Vries, lykje mei fan tapassing op *Fryske Sketsen*.

Krekt seis jier nei de oarloch – yn 1951 – ferskynde ek in bondel koarte ferhalen: *Sawn is in Galgefol*. Sân ferhalen fan likefolle skriuwers, dy't net debutearren, mar likegoed wol oan 'e begjin fan harren skriuwerskarriêre stiene. Gjin sketsen mear, mar beynfloede fan de Amerikaanske 'short story', dêr't it ferhaal in gruttere rol spilet en spanning opboud en dit ta in grutte klimaks komme lit.

Fryske Sketsen



fan
R. Brolsma, F. Schurer,
U. v. Houten, E. Zandstra,
B. S. Pollma, H. de Jong,
e. D. de Jong, B. Tuin-
stra, D. H. Kiestra, J. H.
Brouwer, B. S. Sijbesma,
H. Cammingha

is in tige moai Sinteklaes-
presintsje for ús lânsljue

Priis yn linnen bân 13.25 - To krijen by jim
boekhannel en by de útjower

A. J. OSINGA to Boalsert

Adfertinsje yn de *Leeuwarder Courant*,
30 novimber 1935

¹ Riemersma, 1979

² idem

Fryske Sketsen

Fryske Sketsen ferskynde by de Fryske Bibleteek. Net in útjouwerij, mar mear in boekerige dy't begûn as in ynisjatyf fan de Jongfryske Mienskip. In suksesfol ynisjatyf dat in brêge slaan koe nei de streekliteratuer. Wichtige boeken fan foar de Twadde Wrâldoarloch as *De Sûnde fan Haitze Holwerda* fan Ulbe van Houten en *It Heechhof* fan Reinder Brolsma ferskynden ek yn dizze rige. Hoewol Brolsma nea ta de Jongfryske Mienskip rekkene wurdt en Kalma him faak hurd ôfsette tsjin alles wat nei de kant fan folksskriuwerij útskaaide, koene hja inoar moetsje yn de Fryske Bibleteek en sterker noch, bedarren tegearre yn de *Fryske Sketsen*. Oarsaak hjirfan wie dat nei 1925 de rol fan de Jongfryske Mienskip stadichoan útspile rekke, wylst de Fryske streekliteratuer hieltiid populêrder waard.

Yn de bondel binne dan ek benammen koarte ferhalen te finen dy't men as streekliteratuer typearje kin. Sa spylje alle ferhalen yn Fryske doarpen. Fakentiids is dit in fiktyf plak, al wurdt it wol yn Fryslân pleatst en hawwe de plakken in namme mei in Frysk lûd. It moaiste foarbyld dêrfan is de earste rigel fan *De Wyldlânspolder* fan Brolsma: "De Wyldlânspolder – al ef net op de Wetterskipskaerten foarkommend – is in greate polder yn Fryslân earne." In oar foarbyld is de namme fan it (fiktive) doarp "Eastbûren", yn *Sydene Sytske* fan Bokke Simons Pollema.



Net allinnich mei in 'Fryske' namme wurdt de lêzer dúdlik makke dat dit in Frysk doarp is. Foar de minsken fan de jierren tritich sille de doarpen ek herkenber west hawwe oan de beskriuwings fan it waar, de greiden, de sleatswallen mei reid en oare planten, pleatsen, de merke, de tsjerke en de herberch as universele skaaimerken fan Fryske doarpen.

It is eins net foar te stellen dat dizze ferhalen earne oars spylje as yn Fryslân. It Fryske doarp liket folslein ôfsluten te wêzen fan de rest fan de wrâld: Fryslân as sintrum fan it universum.

Wichtige tematyk yn de sketsen is de stânnemaatskippij. Yn 'De Wyldlânspolder' binne it de "kommitearden" dy't in streek sette troch it lokkige libben fan de moolder en syn wiif yn de polder. Fedde Schurer beskriuwt yn *Om ien joun fen gloarje* in lytsman dy't op in feestje foar ien kear yn syn libben alle oandacht op him festige hat en yn oare sketsen spylje boeren en ûnderwizers in wichtige rol.

De resepsje

De (my ûnbekende) resinsint fan de *Leeuwarder Courant* fynt de *Fryske Sketsen* "in ferrassing", om't hy fan betinken is dat Fryske skriuwers net bekend steane om de kwaliteit fan har koarte ferhalen. Hoewol in skriuwer fan kwizekwânsje as Brolsma "de toan fen de wide romte" tige goed wit te treffen, liket it der op dat dizze resinsint oanfielt dat it tiid is foar in nij soarte fan koart ferhaal as er oer 'Sydene Sytske' it folgjende skriuwt: "Mar as men it út hat seit men: is det alles? Moast de skriuwer der nou safolle foar oeral helje, en allerhande petearen oer waer en wyn safier útspinne, det syn skets de langste fen 'e hiele bondel warden is?"

In selde reaksje hat W. Kok yn syn resinsje fan de *Fryske Sketsen* yn it tiidskrift *De Stim fan Fryslân*. Opfallend: ek Kok neamt de bondel in ferrassing, dêr't de bêste ynbreng net komt fan de ferneamste skriuwers as Brolsma en Sybesma, mar just fan Kiestra ('Mascotte') en Zandstra ('It Fanke'). Kok is lykwols ek kritysk,

³ Leeuwarder Courant, 14 desimber 1934

want it “lit him mei nocht lêze”, mar spitigernôch is net elkenien dêr boppe út kommen⁴.

In nijsgjirrich besprek is dat fan Fedde Schurer yn *Frisia*. Schurer – sels ien fan de Sketsskriuwers – kin in aardich ynsjoch jaan yn wat it doel west hawwe kin fan de bondel. Yndied is Schurer min te sprekken oer it ferheljend proaza fan syn tiid. In ferhaal dat spilet yn it ferline, bout neffens Schurer op fêste grûn. Foar it moderne libben moat de âlde taal noch in nij fundamint bouwe en mar al te faak kieze skriuwers “de feilige wei (...), de wei fen it forline en fen de Fryske ysolaesje⁵”.

Schurer wiist yn de bondel – sa’t Kok yn *De Stim fan Fryslân* ek die - Kiestra oan as dyjinge dy’t it bêst slagge is it moderne libben út to byldzjen. Fan de stikken fan Zandstra, Pollema en De Jong, wit Schurer net folle goeds te sizzen⁶.

In samling dy’t – útsein ‘Mascotte’ – net folle nijs bringt, mar “yn it bisteande bringt er folle goeds”. Schurer liket hjir krekt as de resinsint fan de Leeuwarder Courant út te sjen nei in nij soarte fan koarte ferhalen, dat er yn *Fryske Sketsen* noch net fine kin⁷.

Sawn is in Galgefol


Sawn is in Galgefol is in tin boekje mei koarte ferhalen, mei it klam op koart. Yn it *Wurd Foarôf* presintearje de sân skriuwers har mei hast boartlik fernoegen en skriuwe dat dit boekje gjin program is en “gjin graedmijter dêr’t men de hichte fan it koart forhael yn Fryslân fan ôflêze kin.”

Dêr foar oer is it wol in “tableau de troupe”, want hja fiele harren wol wat fan in generaasje. Dat makket ymplisyt al in soad dúdlik: in generaasje bestiet net sûnder in oare generaasje, der is in ferskil oanwêzich mei eardere skriuwers. Wat dat allegear wêze mei, wurdt yn it ‘Wurd Foarôf’ net útlein, útsein ien saak: de skriuwers komme “út ‘e neare atmosfeer fan de bisettingstiid.”

Dat docht bliken. Tal fan de koarte ferhalen hawwe in relaasje mei de oarloch. ‘Ise Rohde en it eilân’ is it ferhaal fan in jonge dy’t yn ‘e oarloch op Sylt wurket. By in bombardemint wurdt it famke deade dat er krekt doard hie te freegjen. Yn ‘De Spegel’ draait in soldaat sa troch dat er - by fersin - himsels tekoart docht. It ferhaal fan Ypk fan der Fear is like tryst oer it misbegryp tusken in jonge man en frou, dy’t beide de oarloch oars ferwurkje moatte.

De toan is sinysk. De deade soldaat út ‘De Spegel’ sil ferfongen wurde troch oar kanonnefleisk. Yn ‘Eangst’ fan Geart Jonkman is de haadpersoan dwylsinnich en ferrriedt er by fersin in moard dy’t er dien hat. Watse Reidsma, de haadpersoan yn ‘It Ljocht’ fan Anne Wadman, fersûpt himsels leaver yn ‘e fiver fan it sikehûs, as dat er werom giet nei syn pleats en wiif.

Soe it no lykje oft der yn de ferhalen fan de sân altiten in deade falt, dan is it andert: ja, útsein yn it ferhaal fan Sjoerd Spanninga is yn alle ferhalen in deade te finen. Net allinnich de dea, mar ek dwylsinnigens, ferkrêfting en selsmoard komme op it aljemint.



⁴ De Stim faen Fryslân, ôfl. 403, 1935

⁵ Frisia, jiergong xvii, 1935, side 252-256

⁶ idem

⁷ idem

Neist de “neare sfear” fan *Sawn* is in Galgefol, is der noch in wichtich ferskil mei de *Fryske Sketsen* dat daliks opfalt: it spilet net yn Fryslân. Dat wol sizze, de romte yn earste trije ferhalen is dúdlik markearre yn it bûtenlân. ‘Ilse Rohde en it eilân’ spilet op it Dútske Sylt, yn ‘Epistel oan hwa?’⁸ wurde Ballyboden en Cork yn Ierlân oanhelle en ‘De Forlossing’ hat konkrete plak oanjouwings yn Dútslân (Emden en nochris Sylt).

‘Eangst’ en ‘De Spegel’ litte hielendal ûnwis wêr’t it ferhaal situearre is, al kin wol sein wurde dat de beskriuwing fan it fûle oarlochsgeweld him net keppelje lit oan histoaryske feiten yn Fryslân. De lêste twa ferhalen ‘Hurdsilerij’ en ‘It Ljocht’ litte trochskimmerje dat it yn Fryslân spilet. Freark mei graach op ‘e marren sile en set him nei wenjen op in waadeilân. Watse Reidsma is in boer mei in tige Fryske namme en al soe men yn teory fêsthâlde kinne oan it idee dat dizze ferhalen net yn Fryslân spylje (it waadeilân fan Freark soe fansels ek Sylt wêze kinne), it is net oannimlik dat it earne oars is.

Dochs is ek yn dizze ferhalen yn de kar foar de romte dêr’t it ferhaal him ôfspilet, dúdlik dat der in brek mei de streekliteratuer fan foar de oarloch makke is. Freark wennet yn in stêd en wurket yn in fabryk. Watse Reidsma hat dan wol in pleats, mar it ferhaal spilet him ôf yn in sikehûs yn de stêd. Anne Wadman liket mei dit ferhaal al in bytsje foarút te rinnen op *De Smearlappen*, de roman dêr’t er mei ôfrekkene mei de boereroman. Yn ‘It Ljocht’ wol de haadpersoan net werom nei syn wiif op de pleats. In grutter kontrast mei de sketsen is hast net te finen: net de feiligens, it fertroude fan de pleats en de leafde tusken man en frou wurdt ferfongen troch haat en it ferkiezen fan de dea boppe in werom

Dizze kar foar in oar romtegebrûk yn de Galgefol-ferhalen soe te krijen hawwe kinne mei de maatskiplike feroarings fan nei de Twadde Wrâldoarloch en dan benammen de ekonomyske ûntjouwings. Nei de oarloch ûntstie it besef dat wurkleazens ta ekstremisme liede kin. Mei de earste nota oer yndustrialisaasje yn Nederlân (1949) waard yndustrialisaasje fan ‘kearngebieten’ sjoen as in wize om wurkgelegenheid te kreëarjen⁹. Yn 1949 waard ek in begjin makke mei de bou fan it Philips-fabryk yn Drachten.

Dochs binne om 1950 hinne noch gjin grutte gefolgen foar Fryske ekonomy en wurkgelegenheid te fernimmen. Foar ekonomyske ûntjouwing hiene Friezen de blik rjochte op de yndustrialisaasje yn it Westen fan it lân en op emigraasje nei lannen as Austraalje en Kanada.

It besef dat de maatskippij feroarje moat past by it romtegebrûk yn *Sawn is in Galgefol*. Dat docht dan benammen bliken út de blik dy’t de skriuwers rjochte op de wrâld bûten Fryslân. It lit sjen dat Fryslân net langer it sintrum fan it universum is, mar in – beskieden – plakje yn de wrâld hat. De Fryske ysolaasje, dêr’t Schurer yn syn besprek noch fan praat, liket yndied ta in ein kommen te wêzen.

It gebrûk fan stêd en fabryk is lykwols noch beheind ta it ferhaal fan Spanninga. Yn de kommende jierren soe it swiertepunt fan de ekonomy ferskove fan de agraryske nei de yndustriële sektor en dêrmei fan it doarp nei de stêd. Dit soe yn de Fryske literatuer net earder werom te finen wêze as yn *Fabryk* fan Trinus Riemersma yn 1964.

⁸ De titel ‘Sir’ ‘fan de haadpersoan en de ‘Blauwe Bergen’ om de haadpersoan hinne binne resp. Brits en Australysk en meitsje it plak wat mear diffús, likernôch is wol dúdlik makke dat it perfoarst net yn Fryslân spilet.

⁹ Frieswijk et al., 1998

De resepsje

Ype Poortinga jout yn de *Leeuwarder Courant* in bytsje fan in ramt dêr't *Sawn is in Galgefol* yn pleatst wurde kin. De besiken fan Westeuropeeske skriuwers te folgjen yn de tradysje fan de Amerikaanske 'short story' freget neffens Poortinga in maksimum oan "sfearskepping en suggestiviteit, men moat gâns tusken de rigels jaen kinne en foaral witte hwat men weilitte moat". Yn Fryslân is men oant no ta (mei de *Fryske Sketsen* ek net) net slagge om yn in pear blêdsiden in in hiel minskelot foar jin ôfrinne to litten, mar mei dizze sân is dat oars en benammen de dramatyske krêft is neffens Poortinga grut¹⁰.

Jo Smit ferwiist yn *Het Vrije Volk* ek nei de 'short story', in foarm dy't yn Fryslân noch net in masterwurk opsmiten hat. Foar Smit is ek Spanninga syn 'Hurdsilerij' in misser: in "Libelle-forhael", mar ek Ypk fan der Fear komt mei 'De Forlossing' net út boppe it nivo fan it ferslach fan in skoallereiske¹¹.

De foarm fan 'Epistel oan hwa?' sprekt Smit mear oan en de ferhalen fan Dam, Sikkema en Jonkman binne it lêzen mear as wurdich en op 'It Ljocht' hat Smit allinnich de opmerking dat de fjouwer lêste rigels better skrast wurde kinnen hiene. Dit stiet moai foar de miening fan Poortinga oer dy't de selsmoard in te swier motyf fynt, mar de lêste alinea krekt "sublym" neamt¹².

Foar de RONO kaam F. Sierksma ta twa aardige konklúzjes: de kranksinningens dy't yn de ferhalen fan Jonkman en Dykstra in sintrale rol hat en – nei myn betinken – in wichtige rol yn it opbouwen fan spanning, hie neffens Sierksma better net brûkt wurde kinnen, it hat foar him gjin funksje.

Hoewol't er 'De Spegel' net in bysûnder ferhaal fynt, seit Sierksma dat it "merkwaardig" is dat just Dam en Sikkema, "twee outsiders, twee dichters", de bêste koarte ferhalen skreaun hawwe. Just de nijmoadrichheden grize him oan: "Na al de ik-verhalen, een verouderde mode evenals de krankzinnigheid, is het een verademing weer eens gewoon over een hij te lezen¹³...."

Dochs is de einkonklúzje ek fan Sierksma posityf: "er zijn jonge schrijvers en zij hebben plezier in het werk. Laten de Friezen hun dat plezier niet vergallen door bijvoorbeeld voor drie Hollandse ministers, die naar Leeuwarden reizen vanwege een rel, meer aandacht te hebben dan voor hun eigen schrijvers¹⁴".

Yntriizje en opbou

Wat it begryp yntriizje oanbelanget, folgje ik de definysje fan Riemersma: 'in oanienskeakeling fan hanlingen dy't op inoar betruuten binne en in beskate kant útgean¹⁵.' In fage definysje, Riemersma seit it sels, mar lykwols wol brûkber. Benammen brûkber om't Riemersma it keppelet oan (stigen fan) spanning en in ûnderskied makket nei sterke yntrige, mei in rjochtlinich of meanderjend ferrin en de swakke yntrige, dêr't beskriuwingen wichtiger binne as de hanlingen.

Sjocht men nei *de Fryske Sketsen*, dan docht bliken dat de yntriizje fan de ferhalen oer it generaal net tige sterk is. In foarbyld is te finen yn 'Sidene Sytske' fan Bokke Simons Pollema, dêr't haadpersoan Klaes wurk meitsje wol fan Sytske, dêryn weromholden wurdt fan Harke. Mei it reedriden besiket Klaes dochs mei har yn 'e kunde te kommen. Dat slagget net en hy fynt har pas folle letter werom as sy yn 'e stêd wennet.

¹⁰ Leeuwarder Courant, 30 novimber 1952

¹¹ Het Vrije Volk, 9 febrewaris 1952

¹² Leeuwarder Courant, 30 novimber 1952

¹³ ¹³ RONO, Literair Kwartier, 2 maaie 1952

¹⁴ idem

¹⁵ Riemersma, 1977,

It is net in sterke yntriizje. De moetingen fan Klaes en Sytske binne tafallich en as Sytske har heit net omkommen wie by in auto-ûngemak, hie it ferhaal nea ta it beslút komme kinnen dat it no krigen hat.

De oare sketsen hawwe lykwols yntriizjes dy't sa mooglik noch swakker binne. 'De Wite Kolwyn' fan Hero Cammingha¹⁶ giet oer neat oars as it ûnwierskienlike ferhaal fan in man dy't yn 'e daksgoate fan in pleats klimt om in famke op har slipekeamer sjen te kinnen. Hja noeget him ut binnen te kommen sadat sy him foar de boer ferburgen hâlde kin. Oan 'e ein fan it ferhaal docht bliken dat hja trouw binne.

'Spil' is ek mar in lyts ferhaaltsje oer in pearke dat spul kriget as hy de boat fêstrinne lit yn it reid. Har ferwiten en syn ûntkennen soargje foar in dei en nacht fan rúzje. De oare moarns giet sy te swimmen en kin de boat loslûke en komt alles wer goed tusken beide.

Ien ferhaal springt der wat yntriizje oanbelanget út en dat is 'Spil om Douwe' fan Ulbe van Houten, al begjint it ferhaal mei in wat oerstallige sêne dêr't in nije skoalmaster keazen wurde moat troch it skoalbestjoer. It ferfolch fan it ferhaal giet oer de striid fan boer Hovinga mei syn dochter Tsjet, dy't fereale is op in boeresoan út it doarp, Douwe. De boer wol net mear hawwe dat syn dochter de jonge noch langer opsiket. De ferhâlding tusken heit en dochter wurdt knap min. As Douwe op in dei hurd by de pleats fan Tsjet lânsriidt en mei wein en hynder fan de dyk ôf rekket, besiket Hovinga noch te behinderjen dat Tsjet op 'har fyts springt om gau by Douwe te kommen: hy makket har wiis dat de bannen leech binne. Tsjet pakt dan de fyts fan har heit en soarget dat se dochts by Douwe komt, dy't yn oarder is en tegearre ride se op de wein by Hovinga lâns, dy't begrypt dat er de striid ferlern hat.

'Spil om Douwe' is in útsûndering yn de *Fryske Sketsen*, dêr't in yntriizje te finen is fan hanlingen fan persoanen, dy't spanning opleveret en fia in katastofe ta in hichtepunt komt.

De yntriizje stekt yn *Sawn is in Galgefol* oars yn inoar. Hjir is de ynlieding oer it generaal koart en folget in katasrofaal hichtepunt. In katastrofe yn dit ferbân is "in yngripend en needlottich barren dat it libben fan in minske feroaret, syn plannen stikkenslacht of him nei de ein fiert"¹⁷.

Yn Ilse Rohde en it eilan is de ynlieding it fertellen oer de tewurkstelling op Sylt en de ferealens op Ilse, folge troch it katasrofaal bombardemint, dêr't Ilse yn deade wurdt. Sa ek yn De Spegel: de soldaat is syn ûnderdiel kwyttrekke en besiket yn in troch bombardeminten skansearre stêd by te kommen. By fersin sjocht er syn eigen spegelbyld oan foar in fijanlike soldaat en smyt in hângranaat, dy't himsels in libben kostet.

Fansels is der wol fariaasje yn de ferhaallinen te finen, mar ek yn de ferhalen dêr't de katastrofe net sa heftich is ('Hurdsilerij', 'It Ljocht'), is sprake fan in koarte oanrin nei in hichtepunt.

Wat de yntriizje oanbelanget moat men konkludearje dat dit yn *Fryske Sketsen* net in grutte rol spilet. It hanneljen fan de personaazjes is net fan belang, de ferhalen besteane út in rige min ofte mear tafallige barrens.

Likemin spilet de yntriizje in grutte rol yn *Sawn is in Galgefol*. Hjir lit de koarte lengte fan de ferhalen dit ek hast net ta. Alle oandacht wurdt opeaske troch in katasrofaal hichtepunt.

¹⁶ pseudonym fan Douwe Kalma

¹⁷ Riemersma, 1977

Foar de opbou fan de ferhalen hat dit grutte konsekwinsjes. De *Fryske Sketsen* hawwe allegear in ferlykbere lange oanrin mei in beskieden hichtepunt:



De ferhalen fan de Reiddompers binne koart mei in dominant, katastrofaal hichtepunt:



Styl en fertellersperspektyf

Omtrint alle ferhalen yn *Fryske Sketsen* wurde ferteld yn de yndirekte rede: de ferteller is op 'e hichte fan de gedachten fan de personaazjes en jout dizze yn eigen wurden wer. In goed foarbyld dêrfan is te finen yn 'Spil om Douwe': "It scoe him al benije ho't it kaem. Hy stie Broer net, dy gnyse mar en Post mar knikke".

Fansels binne de skiedslinen tin. Wol gauris wurde gedachten werjûn yn in mingfoarm fan direkte en yndirekte rede, sa as bygelyks yn 'De Krystkaert': "Hy woun it, mar wier der net bliid mei. Der laei hwet swiers oer him dy jouns. 'Ik scil bliid wêze, as ik se moarn op 'e trein haw', tochte er".

Ek *Sawn is in Galgefol* wurdt ferteld mei direkte en yndirekte rede. Dêryn is net folle ferskil tusken de beide bondels. 'De Spegel' bestiet hast hielendal út de werjefte fan de gedachten fan de soldaat troch de ferteller dy't yn it personaazje krûpt liket te wêzen: "... hy hie no itselde gefoel as de middeis yn dat portyk, doe't it efkes fierder ynsloech. Hy hoechde net mear....".

It sil net tafallich wêze dat Douwe Kalma yn de *Fryske Sketsen* de iennichste is dy't in ferhaal yn de earste persoan skreaun hat, hy wie ommers de man dy't it persoanlike yn de literatuer bringe woe. 'De Wite Kolwyn' is lykwols in útsûndering.

Dat is mei *Sawn is in Galgefol* wol feroare: fjouwer fan de ferhalen wurde troch de haadpersoan sels ferteld. De reden dêrfoar lit him allinnich riede, mar it is fansels sa dat in ferhaal dat skreaun is yn de earste persoan, persoanliker is (of oerkomt) as in ferhaal yn de tredde persoan. Sjoen de 'neare sfear fan de besetting' dêr't de sân skriuwers nei ferwize en de ferhalen oer de ferskrijjingen fan de oarloch, hoecht it jin net te fernuverjen dat de kar foar de earste persoan makke is: de ferhalen en it boadskip is ek folle persoanliker.

Opfallend hjiryn is it ferhaal 'Eangst' fan Geart Jonkman dat net allinnich yn de earste persoan skreaun is, mar ek as in lange monoloch, fan de haadpersoan.

De lingte fan de ferhalen hat ek syn effekt op de styl. Dat docht al bliken út is ferskil yn de earste sinnen fan de ferhalen. By de *Fryske Sketsen* binne dit gauris yntroduksjes fan personaazjes en it plak dêr't it ferhaal him ôfspilet, bygelyks yn de 'Wyldlânspolder' (sjoch hjirboppe) en 'Sydene Sytske': "It doarp Eastbûrren laei yn 'e rêstige stiltme fen 'e neidei".

Yn *Sawn is in Galgefol* is dat ek noch wol gauris sa, mar der is ek in oar soarte fan earste sin, dy't folle saakliker liket: "De fleanmasinen wiene al lang wer fuort, en noch roun er doelleas troch de stêd ('De Spegel'). Like saaklik – der wurdt gjin oerstallige tekst brûkt om yn ien sin hast in gearfetting fan it ferhaal te jaan – is de earste sin fan 'It Ljocht': "Watse Reidsma waerd wekker út syn narkose en de wrâld gyng foar him op yn in nij ljocht".

Yn de styl is it grutste ferskil tusken de beide bondels werom te finen. De 'tritigers' brûke in soad beskriuwings om har ferhalen stal te jaan. Foar de hjoeddeistige lêzer kin dit wol gauris oerstallich lykje: "De hjerst kaem. It wier op

in middei nei fjouweren. De blêdden oan 'e kant fen 'e stêdsgrêft lieten it earste giel sjen; it wetter laei as in spegel twisken 'e hege wallen'.

No kin men ek yn *Sawn is in Galgefol* wol plakken oanwize dêr't de skriuwer him (of har!) wol wat ynhâlde kind hie yn de detailleerde beskriuwings bygelyks fan de treinreis yn 'De Forlossing', dy't oan it ferhaal sels al tefolle tafoegjet, mar oer it generaal is de styl saakliker. Yn lyts bestek wurdt in barren útienset, sûnder omballingen wurdt nei de katastrofe tawurke. De bêste foarbylden dêrfan binne 'Ilse Rohde en it Eilân', 'De Spegel' en 'It Ljocht'.

Dat wol fansels net sizze dat de *Fryske Sketsen* langtriedderich binne. Der falt genôch te genietsjen yn de beskriuwings fan it Fryske plattelânslibben fan de jierren tritich. Nimt men bygelyks it ferhaal fan 'Libbensjoun' fan E. Zandstra, dan giet dat oer in man yn de lêste moannen fan syn libben. Hy wol op syn wenarke wenjen bliuwe, om't er him dêr frij fielt. Syn bernsbarn ferwachtet moaie kadootsjes fan him, dy't er eins net betelje kin, mar dy't er dochs foar him keapet, om't er sa'n wille hat fan it genietsjen fan lytse Piter. Oan 'e ein fan it ferhaal stjerft Pake, siik, earm en allinnich mar frij en gelokkich.

In nuveraardich yntermezzo yn it ferhaal wurdt foarme troch in stikje oer fjildwachter Hospes dy't de haadpersoan trappearret as er nachts yn it fjild te streupen is, mar beslút der neat mei te dwaan, om't er de âld man foar in selstraf behoedzje wol.

De gedachten fan plysje Hospes oer syn skoansoan binne lykwols foar it ferhaal sa oerstallich dat men him ôfreesje kin wat it doel derfan is. Tegearre lykwols mei de beskriuwing fan it reemeitsjen fan de winkel yn it doarp foar it Sinteklaasfeest, jout it flintertinne ferhaal in moaie beskriuwing fan it plattelânslibben fan de jierren tritich.

Beslút

It liket der op dat *Fryske Sketsen* net mear wêze wol as in skets fan it libben op it plattelân fan Fryslân, moai genôch sûnder in boadskip of ferheftige katastrofes. It fielen fan de resinsint fan de *Leeuwarder Courant* 'is dit alles?' liket ynherint oan it wêzen fan de skets: it jout in byld, mar ferhaaltechnysk is it net tige sterk.

De ferhalen rinne oer it generaal goed ôf (se 'krije' inoar) en sykje de skientme net yn it ferhaal, yn de yntriizje, mar yn de skientme yn it Fryske lân dat wiidweidich beskreaun wurdt en yn it karakter fan de Fryske personaazjes: oprjocht, trou en hurd wurkjend passe de ferhalen yn de tradysje fan de streekliteratuer. De wrâld is lyts, bûten Fryslân liket der hielendal gjin wrâld te wêzen.

De Jongfryske Mienskip mei har grutte ynfloed op de Fryske literatuer tusken de twa wrâldoarloggen, is dan al oer har hichtepunt hinne. Nettsjinsteande de meiwurking fan Jongfryske foaroanmannen as Kalma en Schurer litte de *Fryske Sketsen* har lêze as streekliteratuer en net as de persoanlike literatuer dy't de Mienskip foarstie.

De ferhalen fan de Reiddompers hawwe in oare sfear, beynfloede troch de Twadde Wrâldoarloch: yn de moard, selsmoard en dwylsinnigens wurdt troch de skriuwers in synysk oardiel jûn oer it minskdom. It Fryske doarp is net langer de moaie, beskerme omjouwing dêr't alle ferhalen ta in goed ein brocht wurde.

In oersjoch fan de ferskillen:

	Fryske Sketsen	Sâwn is in Galgefol
romte	Frysk doarp	Fryslân? bûtenlân, stêd
aktualiteit	krisis wurdt neamd spilet gjin rol	oarloch spilet grutte rol yn ferskillende ferhalen
yntriizje	min ofte mear tafallich ferrin	gjin yntriizje
opbou	lange oanrin, beskieden hichtepunt	koarte ynlieding katastrofe
styl	lang, beskriuwend	koart, saaklik
tematyk	stânnen, leafde	(oarlocks)ellinde, dea
perspektyf	direkte en yndirekte rede hy-perspektyf	direkte en yndirekte rede ik-perspektyf

Dêrmei liket yndied de bining mei de Fryske Beweging, mar eins ek mei de hiele Fryske maatskippij, ferbrutsen. De blik is rjochte op de wrâld en stikmannich ferhalen spylje ek yn it bûtenlân. Oan de (kommende) feroarings yn de Fryske maatskippij wurdt foarbygien, it wurdt (noch) net sjoen. Allinnich Sjoerd Spanninga liket him bewust fan de ûntjouwings fan yndustrialisaasje en ferpleatsing fan doarp nei stêd, dy't yn de jierren dy't folgje soene, Fryslân sa fiergeand feroarje soene.

Koart binne de ferhalen en hja wurkje hurd ta nei in ferheftich hichtepunt. De foarm jout sa rjochting oan it ferhaal ûnder ynfloed fan it Amerikaanske 'short story'.

It motyf om de ferhalen bûten Fryslân te situearjen moat net socht wurde yn in driuw nei tematyske fernijing. De ferhalen spylje op oare plakken om't oant no ta de ferhalen yn de Fryske literatuer yn Fryslân spile hawwe.

De foarm is de grutte feroaring.

Literatuer

Boven, E. van, Dorleijn, G. - *Literair Mechaniek*, Uitgeverij Coutinho, Bussum (2003)

Brolsma, R., Cammingha, H. - *Fryske Sketsen*, A.J. Osinga - Boalsert (1934), Fryske Bibleteek, nûmer xxxii

Dam, F., Dykstra, K. et al - *Sawn is in Galgefol*, Drukkerij Laverman NV, Drachten (1951), Reiddomprige iii³

Dykstra, K. - *Lyts Hânboek fan de Fryske literatuer*, De Tille BV, Ljouwert (1977)

Feitsma, A. et al - *Literatuur in sociaal perspektief*, Rodopi, (1976)

Frieswijk, J., et al. - *Skiednis fan Fryslân 1750 - 1995*, Boom, Amsterdam/Meppel, Fryske Akademy, Ljouwert (1998)

Gezelle Meerburg, B. - *Want wy binne it nijs ûnder en boppe de sinne*, Fryske Akademy, Ljouwert (1997)

Oppewal, T., Gezelle Meerburg, B. - *Zolang de wind van de wolken waait* - Uitgeverij Bert Bakker, Amsterdam (2006)

Piebenga, J. - *Koarte skiednis fan de Fryske skriftekennisse*, Drukkerij Laverman NV., Drachten (1957)

Poortinga, Y. - *Préokkupaesje of frije kreativiteit*, Fryske Akademy, Ljouwert

Riemersma, Tr. - *It koarte forhael*, Koperative Utjowerij, Ljouwert (1977)

Schaaf, Sj. van der - *Skiednis fan de Fryske biweging*, De Tille, Ljouwert (1977)